

Kabel en Tou

## **Kolofon**

ISBN: 978 90 8954 892 4

Earste printing 2016

© 2016 Jan Schokker

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de einredakteur en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

# Kabel en Tou

Jan Schokker





# Ien

De takomst hat foar my altyd goed west. It ferline ek wol, mar der siet ien dei tusken dy't makke dat ik net achterom seach. Juster bestie net, skiednis wie der net. Ik bewarre neat. Fertelle die ik ek net, want fertelle is ferhale oer dat wat achter ús leit en achter my lei neat. Dat hie ik ôfsluten. Mar doe't myn frou Merte dea fûn waard kaam ik ynienen mei de rêch nei de takomst te stean en woe ik werom nei Fryslân. Dochter Klaske gie mei.

Ik tocht, ik begjin pas te fertellen as ik by Hamburg de Elbetunnel út kom, mar healwei Denemarken hie ik dochter Klaske it measte al út 'e doeken dien. Yn myn belibbing hie ik in skiednis fan in tsjok boek mei hûnderten siden dêr't ik har oer fertelle moast, mar ik fette it gear yn ien sin en dy rigel siet it wichtichste wol sa'n bytsje yn.

Ik sei:

'Fiifentweintich jier lyn ha ik it toufabryk, âlden en freonen achter my litten nei't myn twillingbroer myn freondinne ôfpikt hie en bin ik fan hûs weirûn en yn Noarwegen telâne kaam.'

Klaske sjocht net op of om, freget neat en har fingers tikje in ritme op har feale spikerbroek. Ik wit dat se ien eardopke

yn hat dat oansluten is op de i-phone, mar se hat har blykber oan beide kanten ôfsluten. Pas by Hamburg as wy út de Elbetunnel komme lûkt se it eardopke der út en seit:

‘Hiest it krekt oer it toufabryk, of net? Ik ha oan it Googeljen west. Omke Jelle hat spul mei it fakbûn.’

Ik Googele ek wol ris yn in swak momint. Eefkes thús sjen, betocht ik dan en seach nei âlde skoal- en doarpsfoto’s, mar de side fan Troelstra-toufabryk klikte ik net oan. Ik woe gjin djippe krassen iepenhelje, gjin donkere kleden optille, net te fier fuortfleane fan it feilige fertroude wrâldsje. Ik wie hielendal thús yn Noarwegen en it libben siet as in noflik houten hûs om my hinne. It lok lake my oan, alles siet mei en as der al stress wie kaam dat fuort út mysels, om’t ik ambysjes nei boppen ta bystelde. Alles slagge my úteinlik. Miskien wie der yn myn libben mar ien tsjinslach en dizze lei al achter my. Tocht ik.

Klaske frege: ‘Witte se yn Fryslân dat wy komme?’

Yn it doarp is it oars.

Wat der yn fiifentweintich jier allegear feroare is sil mear wêze as wat ik waarnim as wy it doarp ynride. Der binne yn elts gefal in pear sirkels op krúspunten lein en ik ûntdek in nije syddyk en dat sil wat nijbou ûntslute. Myn oandacht is fêstige op it hege gebou fierderop. Klaske is fan harsels ek tige nijsgjirrich en sy sil myn spanning ek fiele. Se sit by wize fan sprekken mei de noas tsjin it foarrút plakt.

Ik wiis: ‘Sjoch, dêr is it toufabryk!’

Hokker foarstelling soe se harsels makke ha? Sil wol ôffalle.

No ja, se hie it fansels wol op in site besjoen, betocht ik. Fier foar Fryslân, yn Grinslân hie se al krimmenearre dat se it lânskip mar saai en flak fûn.

‘Elk plak op de wrâld hat syn sjarme, allinne Grins ha se ferjitten om ôf te wurkjen,’ sei ik en: ‘Dit is -fyn ik- dochs al in nuver lân. Grins leit wol in pear kilometer ûnder Nij Amsterdamsk Peil. Se ha hjir fyftich jier lang gas ûnderwei pompt.’

‘Ja,’ seit se, as wy hast stil stean foar it fabryk, ‘ik werken it fan de foto yn it jiskebakje.’

‘Jiskebakje?’

Ik wit sa net wat se bedoelt. Earne skimeret der al wat.

‘Yn de keukenkast, op it rim mei skalen stiet in glêzene jiskebak,’ seit se, ‘dêr sitte knopen yn. Ik boarte der wol mei en dêr sit in foto yn plakt fan in grut strak fjouwerkant gebou. No wit ik wêr’t it gebou werklik stiet.’

Ferhip ja, betink ik, it jiskebakje hie ik meinaam fan hûs. As in soart anker. Noait wer oan tocht. Net mist, ik hie oars hâldfêst genôch, blykber.

De yngong, de slachboom, it dykje neist it haadgebou, it is der allegear noch. Neat feroare. Hoewol, ik mis it âlderlik hûs dat oan de oare kant fan de slachboom stie. It liket as skoot myn hiele libben foarby dêr op de dyk foar it fabryk, mar dit wienen net de fraaiste oantinkens. Wêrom net? Ik hie eins in hiel lokkich, lykwichtich libben hjir hân, mar der wienen no hieltyd bylden fan in lilke mem, in fertrietlike heit, in tryste freondinne Doet, mar ek in gnskjende twillingbroer. Dekke tryste bylden altyd de

fleur ôf yn it ûnthâld? No al blykber, mar ik socht fansels ek de konfrontaasje.

Ik slok in brok lucht út myn kiel en skrik fan in frachtwein dy't achter my de klakson úttest.

Ik ryd oan de slachboom ta en wol hastich útstappe om ynformaasje yn te winnen dy't besikers fan it fabryk nedich ha foar parkearen en tagong, mar de tryste man yn it hokje drukt hjir of dêr op en de boom sjit mei lytse skokjes omheech. Ik groetsje him freonlik, mar in minlik knikje is alles wat der ôf kin. Fierderop is der útlis op in boerd. 'P – besikers' en 'Melde by it loket', stiet der yn in fette swarte kapitale Helvetica-letter. Neat feroare.

De frachtweinsjauffeur is bliid dat hy my kwyt is en drukt no op it gaspedaal.

By it loket sit nimmen en de swiere glêzen doar is iepen en ik betink dat as der sels yn dy fiifentweintich jier gjin skilder troch it gebou west hat, alles noch by it âlde wêze moat. Ik wit it paad. Heit syn kantoar wie op de earste ferdjipping en dêr sil Jelle, myn twillingbruorke no sitte.

Ik sjoch nei Klaske. Har holle draait as in senuweftige kamera alle kanten op. Al it âlde is nij foar har.

It kantoar fan heit sit yndied op itselde plak. De doar stiet in bytsje iepen en min of te mear ferbjustere stap ik der yn. Klaske deun achter my. Wy slûpe hast, as betrêden wy hillige grûn.

Jelle is der net.

It moai bewurke swiere houten buro hat nooit fan syn plak west. Krektlyk as de griene Chesterfieldstoel. De âlde lamperadio mei de antike pick-up dêr't heit de operaplaten



op draaide stiet der net mear, mar op it stikje muorre neist it brede rût dat útsjocht oer it fabryksterrein hinget no in portret fan heit Teake. Net hiel sprekkend yn myn belibbing, mar in moai earbetoan. Ik hie hielendal gjin foto's fan eartiids. Neat hie ik meinaam, útsein dan dy glêzene jiskebak mei in foto fan it fabryk.

'Is dat pake?' freget Klaske en wiist nei heit.

'Ja, in bysûndere man,' sis ik en spyt stekt. 'Pake is al lang wei en beppe net folle letter,' sis ik en myn gedachten driuwe nei fiifentweintich jier lyn.

Ik ha nearne spyt fan, mar dat ik heit en mem net mei te hôf brocht ha hinget as in skerp stik stikeltried earne achter yn it ûnthâld en ik ferwûnje mysels der faak oan as de gedachten werom gean nei dat part fan it ferline dêr't it tried omhinne sit. It âlderlik hûs, it toufabryk. Ik hie gjin roukaart hân. Se wisten net wêr't ik siet en ynternet bestie noch net, mar Jelle sil ek gjin muoite dien ha. Sûnder ôfskie en berjocht ferdwine, wie as in sprong fan in flat. De drompel ûnder de foardoar fan it âlderlik hûs wie de râne fan it hege dak, de richel foar de ôfgrûn.

Gelokkich, Klaske sjocht myn pine net. Se is nijsgjirrich en docht in stap tichter nei it skilderij ta.

'Fêst in bysûndere, aardige man, myn pake.'

'Ja,' sis ik, 'ik sjoch him noch sa sitten en as ik der yn kaam rûn hy soms nei de âld lamperadio mei de platespiler om it lûd werom te draaien. Operamuzyk, oare muzyk koe er net.'

Faak ek hie hy sa'n grouwe sigaar oan, in Karel 1. It stonk

ferskriklik, fûn ik, mar as ik letter yn Noarwegen in sigaar rûkte wie dat in swiet oantinken, dat krektlike moaie bylden nei boppen brocht as de rook fan hea op it krekt meande lân.

Heit, hoe goed koe ik him? Hielendal net, eins. Dit wie syn plak, it kantoar fan syn fabryk. Syn kraaienêst op in skip fol tou. Hy iet ek net thús, ja moarns. Bôle mei spek en fette woarst en in bakt aai. In oanwenst oerholden oan in staaize yn Aberdeen, yn Skotlân. Hy krige it alle dagen wer. Fêste patroanen, in moai ritme om in tsjûke laach cholesterol oan te setten. Ald binne heit en mem dus net wurden. No ja, dat hearde ik fiif jier te let.

Ynienen spat der in doar iepen en brûst der in flot famke it kantoar yn.

‘Moarn Jelle!’

Se hat wat papieren yn 'e hân en leit se op it buro.

‘Ik moat in hantekening ha,’ seit se en oan alles is te sjen dat se hastich is.

Blykber sjocht se net dat ik Jelle net bin en dat is miskien te begripen. Wy wiene as in ien-aaïge twilling op de wrâld kaam en liken op elkoar as stienen wy yn in spegel foarelkoaroer. Mar der gean fiifentweintich jier oerhinne en dan komme der krassen en tearen, brillen en oare protezes, kleur hier dy't feroaret, stimmen dy't fan djipper wei komme en eagen dy't yn in kom griis wetter driuwe. It soe stom tafallich wêze as wy noch sa opinoar liken as fiifentweintich jier lyn. Der moat ferskil wêze, mar net foar de sekretaresse dy't miskien ek net wit dat der in dûbelgonger bestiet.

Ik sil it har útlizze.

‘Nee, ik bin net...’

Fierder kom ik net.

‘Ik bin hastich,’ seit se koartôf, ‘dit moat ynscand wurde en dan kin it by de mail en fuort.’

Ik besykje it oars: ‘Wêr is de echte Jelle Troelstra?’

No sjocht se hiel lilck.

‘Ik ha gjin tiid foar stomme grappen!’

Se drukt de finger by de namme, ûnderop de A4. ‘Hjir tekenje!’

It is in pittich ding, ik kin net wegerje en set myn krabbel.

Dan moat se it sels mar witte en oan de hantekening sil se sjen dat ik Jelle net bin.

It is har net samar nei’t sin en se draait in oar wyt blêd nei de boppekant:

‘En hjir!’

Krabbel.

‘En hjir!’

Krabbel.

‘En hjir!’

Krabbel.

‘En de lêste... hjir.’

‘Drokke baan is dit dochs,’ sis ik en gean ûnderút hingjen op Jelle syn ergonomyske-hightech disignstoel. It ding past wûnderlik genôch hiel moai by it antike buro.

De sekretaresse tippelet rjochting har kantoar. By de doar draait se har om en freget:

‘Wat is der oars oan dy?’

‘Neat,’ sis ik. ‘Nee neat. Ik soe it net witte.’

Lit se sels in ferskil beneame.

‘Dyn hier sit oars.’

Der is dus dochs in ferskil.

As ik dat betink, deroer neitink en dan wer opsjoch is se al wer fuort.

Klaske is ferwûndere en wiist har nei: ‘Se sjocht it ferskil amper.’

‘En froulju binne yn soks sa skerp,’ sis ik.

‘Dêr ha ik krekt wat oer lêzen,’ seit Klaske, ‘froulju binne allinne skerp as se erchtinkend binne,’ en myn dochter stekt in finger omheech, ‘of op ’e jacht.’

Flauwe kul, betink ik en wol soks sizze, mar de doar flapt wer iepen en de sekretaresse is samar by it buro en kwakt dêr in steapel papieren op.

‘It kontrakt fan de oername,’ seit se mei in fiis gesicht en rjochtet har oandacht op Klaske. Se sjocht har op en del oan. ‘O, do bist de nije staaasje.’

It is gjin fraach en hoewol’t ik noch mei de ferbjustering dwaande bin oer har foarlêste tekst oangeande de oernamapapieren, betink ik dat ik yngripe moat. Klaske kennende liket it har ek wol aardich om ris gek te dwaan en foar de staaasje troch te gean.

‘Ho!’ sis ik, ‘ik moat earst wat dúdlik meitsje.’

De sekretaresse is alwer mei wat oars dwaande, har eagen sjitte alle kanten út. ‘No ferjit ik de kofje noch. Bin der sa wer.’ En fuort is se wer.

‘Dat fanke kin net skerp wêze,’ laitsje ik, ‘dy hat de turbo der op.’

‘Ik kin hjir staazjerinne,’ laket Klaske. ‘Cool!’

Ik fyn it ek wol aardich, mar sis al: ‘Litte wy har gau út de dream helpe, foar’t der noch mear ferrassingen út fuortkomme.’

Sûnder kofje brûst Turbo it kantoar wer yn.

‘Kom do mar mei,’ seit se tsjin Klaske, ‘kinst de post wol rûnbringe.’

‘Ik wol bêst wat dwaan,’ seit Klaske flot.

‘Moai, rin mar mei.’

Fuort is se wer en Klaske rint mei en ik sjoch noch krekt dat se de tonge nei my útsteekt. Myn oandacht giet nei de papierboel op it buro. Ik til it pak papier op. In oername? Keapet Troelstra-Tou in oar bedriuw of -en ik skrik by dy gedachte- wurde se sels oernaam? Ik sjoch nei heit op it skilderij. De âld man sil him grif yn syn grêf omdraaie as dat sa is (of de jiskeresten sille opwaaie, want ik wit net oft heit te hôf brocht is of kremearre).

Ik ha it noait neisocht, mar my fansels wol ôffrege oft heit my ek ûnterfd hat nei’t ik ferdwûn bin. It kin net oars as dat hy teloarsteld yn my wie. Ik wol der net oan tinke en kwak de steapel papieren wer werom op it buro. Lokkigernôch is dêr de bliksem-sekretaresse al wer.

Se seit: ‘Dyn leafste hat belle. Se komt letter.’

Ik kin it amper sa gau neikomme: ‘Myn wat?’

It libbenstempo leit yn Noarwegen miskien ek wol fiifentweintich jier achter by Fryslân, betink ik.

‘Wat oars,’ seit de dame, ‘dyn dochter moat dy noadich sprekke.’

‘Klaske?’ freegje ik, mar wit tagelyk dat se dy net bedoelt.

‘Klaske is de nije staaazje, ik bedoel Claudia fansels.’

‘Eh ja,’ sis ik, ‘it wurdt no wolris tiid dat...’

‘Tocht ik ek,’ seit sy en is it kezyn al wer troch nei har kantoar.

Claudia? Jelle syn dochter. Noch noait sjoen. Hoe âld soe

myn omkesizzer wêze? In jier of trettjin? No ja, betink ik, sy sil it yn elts gefal wol sjen dat ik har heit net bin.

Der komt in pracht fan in fanke it kantoar yn, mar dizze is wol in jier as fiifentweintich. Ik rin op har ta en jou har in tût op it wang.

‘Dach Claudia,’ sis ik en freegje: ‘Sjochst it net, tink?’

Ferbjustere bliuwt se stean en fielt oan har wang.

‘Wat? Wêrom docht heit dat?’

Ik begryp har net: ‘Wat?’

Dan wiist se nei my. ‘Wat hast mei dyn hier dien? It sit oars, it is oars!’

‘Ja, de sekretaresse begûn der ek al oer. De kapper hie ponny’s yn de oanbieding.’

Ik sis mar wat. Wat in teloarstelling dat sy it net sjocht dat ik har heit net bin. Jelle en ik liken earder as twa pillen levertraan op inoar, mar yn karakter wie de ien-aaïichheid der net.

‘Dyn stim is ek oars,’ seit Claudia.

Ik lit my yn de burostoel falle en lit myn teloarstelling blike: ‘Datsto it net sjochst.’

‘Wat?’

‘Ik sil it mar tajaan,’ sis ik, ‘ik bin dyn heit net. In fermiste twillingbroer hat foar ien dei it plakje fan dyn heit ynnaam.’

Se reagearret daliks, mar oars as ik tocht hie: ‘Sa ken ik heit wer, mei dy domme grapkes. Mar wol tafallich dat heit oer Abe begjint.’

Ik skrik: ‘Wat dan, wat is der mei Abe?’

‘Wit ik net, mar foar skoalle moat ik in stambeam-ûndersyk dwaan en om’t de kompjûter thús noch fan foar de earste wrâldoarloch is, woe ik hjir op it fabryk in pear oerkes achter ynternet.’

Ik sjoch har oan. Sy liket sa te sjen yn neat op Jelle.  
'O, ja,' sis ik, mar ik hear net werklik nei wat sy seit.  
'Neffens mem wurkje op it fabryk mear kompjûters as minsken.'  
Ik besykje Doet yn har te sjen. Dat bekje, it wipnoaske. Ja,  
Doet sjoch ik no sa wer foar my.  
Claudia docht in stap nei it buro ta. Lilk seit se:  
'Wat sit heit my stom oan te sjen.'  
'Sorry, mar ik sjoch wat bekends yn dy.'  
Se spat op:  
'Dat bedoel ik no! Noait gjin belangstelling, noait is hy thús,  
neat gjin waarmte! Alles lit hy troch mem opknappe. Hoe lang  
is it lyn datsto my sa spontaan in tút jûn hast?'  
Se rint nei de doar en draait har om.  
'En no sjocht hy wat bekends yn my... Tsjong, myn heit is  
wekker wurden. Dat is wol wat let net?'  
'Spyt my fanke.'  
'Wat ha ik der oan? No, kin ik hjir earne noch in kompjûter  
besette?'  
'Wit ik it? Freegje de sekretaresse mar.'  
'Titia? Hie ik better daliks dwaan kinnen.'  
En mei in knal fan de tichtsleine doar nimt se ôfskie.  
Ik lit it yn my omgean wat Claudia der allegear útsmiet. Sa  
ûntstiet der al in aardich byld fan myn famylje. Eins soe ik  
fuortrinne moatte, of hiel lûd roppe dat ik Jelle Troelstra net  
bin, mar de ferwikseling jout wol iepening fan saken.  
Titia stiet ynienen wer foar it buro.  
'Dyn frou komt der oan!'  
'Myn frou?'  
'Makket my neat út, Doet komt hjir oars noait, mar se wit fêst  
neat fan Bea.'

Ik snap der neat fan. ‘Bea?’

‘Ja,’ seit Titia, ‘Bea komt daliks ek. Se hat belle dat se wat letter is.’

De sekretaresse is al wer op reis nei har kantoar en oer it skouder seit se noch: ‘No ja, ik ha dy warskôge.’

Ik besykje noch wat rjocht te setten mei in:

‘Nee, mar ik bin ommers net dy...’

It is in domme aksje, se is alwer fuort. Ik bin net rap genôch. Noarwegen hat de slak yn my boppe helle. It is gjin achterlik lân en goed wurkje dogge se ek wol, mar de kâlde grûn hâldt de spieren stiif of sa. Ik hie dat earder al ris betocht: Hoe fierder as je by it Ruhrgebiet wei sitte -mjitten yn breedtegraden- wat leger de produksje. De gedachte is gjin wittenskip en ik doch oare folken tekoart, sa as de Finnen. Ik moat it gebrek by my sels sykje.

Dus, Doet komt daliks. Ik krij it der waarm fan. Fiifentweintich jier net sjoen. Fan mysels mocht ik net mear oan har tinke.

Fan de dei ôf dat ik fuortrûn bin fan hûs hie ik har bûtensletten. Gjin gedachte, gjin byld woe ik oproppe. Dat foel net ta, want Doet har byltenis siet oeral yn fêst etst en har stim wie mongen mei safolle lûden. Ik koe jierren letter noch skrikke fan de rook fan eat dat my wer oan Doet tinke liet; lykwols it part fan de harsens dêr’t de pine siet en it part dat de rezjy yn hannen hie wrotten myn tinzen yn in oare rjochting. Alles fan Doet moast skrast wurde en dat besjutte dat it hiele ferline achter in donker doek bleau. In keunstmjittige demintens fan in misledige en djip teloarsteld mantsje.



Ik gean achter it buro sitten, lis myn holle yn beide hannen en ferwachtsje fan Doet dat sy it daliks sjocht dat ik it bin. Se is lilk as se it kantoar ynstapt: ‘Bist hjir wol,’ seit se. ‘Ik miste dyn koffer, dyn klean en in bulte sieraden fan my binne fuort. Hoe kin dat en wêrom nimst dyn mobile telefoan net op?’

Sa’t se dêr foar my oer siet, de lêste kear dat ik har seach. Ik sjoch har noch sa sitten. Blykber kin ik noch wol yn de âlde bestannen komme. It kroechje yn it doarp. Tongersdeis moast se wol ris oerwurkje en dan sprutsen wy ôf yn *It Brea*. Se prate oan ien tried wei troch. Wêroer wit ik net mear, ik lústere noait. No ja, de earste sin kaam binnen, mar dan dwarrelen myn gedachten by har wei. Se koe moai fertelle, sy boeide my beslist en se ynspirearre ek. It glês hie se wat skean en mei lytse tikjes liet sy de wyn troch it glês dûnsje. Ik betocht der in ballade by en hoe’t myn fingers har lichem as in prachtige piano bespilen. In flotte ouverture, dan in masterlik fuga en in lui neispul.

En no nei fiifentweintich jier sjoch ik har wer. ‘Dach Doet!’ sis ik, gean stadich rjochttop stean en laitsje har oan. Se is neat feroare. Ja wat âlder, mar it ferstân hâldt dêr blykber al rekken mei. Ik ferwachtsje in ferwûndering en dy is der ek, mar oars as ik betocht hie. Se seit: ‘Wat is der mei dyn hier?’ Ik sis neat. Se docht in pear stappen neier en freget: ‘Sjoch my ris oan.’

Einlings, betink ik, se sjocht it. Kin ek net oars. Doet sjocht soks!

Se slacht de hân foar de mûle en dan duorret it noch eefkes. Se stammeret: 'Abe!'

It is fansels ek gemien om sa ynienen foar har te stean. Ik hie in berjocht, in mail, in brief stjoere moatten. Sa stiet in fint ynienen foar har dy't útnaaid is en noait wer wat fan him hearre litten hat. Miskien is se hertpasjint en kin in lytse skrik fataal wêze.

Mar no hat se it troch.

'Ja,' sis ik.

Mei de finger by de mûle seit se: 'Do dochst my oan Abe tinken, dyn broer.'

Ik plof wer yn de burostoel fan teloarstelling.

'Hoe soe it mei him wêze?' freget Doet, 'op syn minst tweintich jier net sjoen.'

Ik ferbetterje har: 'Fiifentweintich jier!'

'Ja? Fiifentweintich jier? Ja, dat moat hast wol. Datsto dat sa krekt witst. Troudei, jierdeis, neat kinst ûnthâlde en dit witsto noch sa seker. Wolst dochs net sizze datsto him mist, hast it noait oer him.'

'Ik ha it gefoel dat ik altyd by him bin.'

Doet docht in stap tichter nei my ta, de hannen hat se yn in fûst. 'Liich net! Do hast gjin gefoel!'

'O, nee.'

'Nee!'

Doet giet yn de griene Chesterfieldstoel sitten.

'Dyn broer hie gefoel! Echt in waarme persoanlikheid. Do en Abe, wat in ferskil! Uterlik sa gelyk, mar de ynrjochting by jimme dêr boppe is sa ferskillend!'

It is miskien net rjocht earlik, mar de rol fan Jelle hâld ik noch mar eefkes oan, se wolle it hjir dochs net oars sjen. Boppedat hear ik no wat dat hiel nijsgjirrich is. Earder hie ik myn bruorke altyd as lykweardich besjoen. Gjin ferskil yn uterlik en wêrom soenen wy dan yn karakter oars wêze. Ik leau dat mem soks ek wolris sei, mar ik tocht altyd dat it gie om de feardichheden en ik wie no ien kear folle kreativer as Jelle. Lit ik mysels mar wat ôfbrâne en wa kin dat better dwaan as it slachtoffer sels.

Ik gniis en sis: 'Ja! Abe is in sukkel, in weiten hin, in lul yn't kwadraat!'

Doet spat op: 'Jelle! Sis dat net! Dat wol ik fan dy net hearre! Yn alles wie hy in better minsk as dy!'

No slacht se troch. Se kin bêst wol wat krityk op Abe ha of giet it dêr net om?

Ik fyn dat ik der wat tsjinyn bringe moat. Jelle kin blykber wol wat stipe brûke.

Ik sis:

'Wêrom is dy sukkel dan fuort gien? Neat fan him hearre litten. Ien kaartsje ha heit en mem út Noarwegen fan Abe hân.'

Sa wie it. Nei fjirtjin dagen yn Noarwegen, op in camping krekt boppe Oslo trof ik in famke út Rotterdam. Ik wit net mear wat sy studearre, mar as belangryk byfak hie sy 'freegjen' en sy kocht de oare deis in kaart en soarge dat dy op de post kaam. Ik wit net mear wat der op stie, it sil allinne myn namme west ha.

Doet is in pear tellen stil, it hier skoot se achter it ear en se faget mei in finger oer har wang as wie se dwaande mei in iPad. Se seit:

‘Ja, dat wie apart dat hy samar ynienen fuort wie. Ik lústere nei dyn moaie praatsjes!’

It giet net goed tusken Jelle en Doet, dat is no wol dúdlik.

Ik kin it net litte en freegje:

‘O? Hast dêr spyt fan?’

Se sjocht rjocht foar har út as sy seit:

‘Ja! Mar it hat gjin doel en ha it dêr wer oer. It is om Claudia, dat wy noch byelkoar binne, mar it is dreech Jelle, om it fol te hâlden. Altyd wer dy eangst datsto wer mei in oar giest. No ek wer. Ik mis al myn sieraden en dyn koffer is ynienen fuort. Hoe kin dat? Ik wie bang datsto útnaaid wiest!’

No kin ik net mear foar Jelle trochgean. Wat moat ik antwurdzje?

Ik sis mar wat:

‘Tja... eh... Ha der ynbrekkers west?’

‘Hoe sil dat mei al dy ynbraakalarmynstallaasjes yn ús hûs?’

‘Miskien hat de húshelp it spul stellen?’

Doet giet stean. ‘Húshelp? Wêr hast it oer?’

‘O? Ha wy net in húshelp? Ik tocht... No ja, ik sis mar wat!’

‘Ja, wêrom seisto dat no? Wat bisto dochs in nuvere fint!’

De doar klapt iepen en Claudia stiet sa ynienen tusken ús yn, in papier hâldt se omheech. Se himet der oer:

‘Moatte jimme ris sjen wat ik op ynternet fûn ha! In gedicht fan omke Abe!’

Ik skrik.

Doet ek. Se freget: ‘In gedicht? Fan omke Abe?’

‘Tja! Net te leauwen,’ seit Claudia, ‘ik typte syn namme yn en krige de ynternetside fan Abe Troelstra. Dichter, sjonger, produsint, pianist. Hy wennet yn Noarwegen. Alles is yn it Noarsk, mar der siet ek in Frysk gedicht by!’